

provinsje fryslân  
provincie fryslân 

# Mei elkenien foar elkenien

Koälysjeakkoart 2015-2019



# Mei elkenien foar elkenien

Koälysjeakkoart 2015-2019. Seis ambysjes foar Fryslân



## Ynhâldsopjefte

Ús fisy	6
1. Foar krêftige mienskippen	8
2. Foar in ekonomy dy't de takomst treast is	12
3. Foar fanselssprekkende duorsumens	18
4. Foar in libjend Frysk eigene	22
5. Foar in dynamysk fermidden yn de moaiste provinsje	26
6. Foar in modern provinsjaal bestjoer	34
Foar in ferantwurd finansjeel belied	38

Ús motto: *kânsen gripe troch romte te bieden*

We ha as provinsje ús bêst dien oerienstemming te berikken mei de eigners fan de fotorjochten oer it brûken fan de bylden. Binne der dochs fotografen dy't miene dat harren wurk sûnder tastimming brûkt is, dan kinne se kontakt opnimme met de ôfdieling kommunikaasje: 058-2925525.





## Ús fisj

Fryslân en de Friezen binne ûnderskaat, dat jildt ek foar dizze koalysje fan CDA, VVD, SP en FNP. Der is in soad dat ús ûnderskiedt, mar noch folle mear dat ús bynt. De minsklike weardichheid is it útgongspunt foar dizze koalysje. Minsklike weardichheid betsjut foar ús romte foar minsken om mei dwaan te kinnen, om kânsen te krijen en kânsen gripe te kinnen. Dêrby bliuwt it stimulearjen fan wurkgelegenheid fan it grutste belang. Wy wolle dit benammen fia it MKB berikke. Ek ynvestearje yn duorsumens kin ekstra banen opsmite.

Wichtich foar minsklike weardichheid is de ferbining: jin mei-inoar ferbûn fiele, boarch stean foar en mei-inoar. Wy fine dat nimmen útsletten wurde moat. Dat wolle wy ta útdrukking komme litte yn ús belied, mar ek yn ús hannelwize, hoe't wy mei de ynwenners omgean wolle. Earlik en mei in iepen ear en each en in útstutsen hân. Mei elkenien en foar elkenien. Want we ha de ynwenners nedich om ús ambysjes wier te meitsjen.

It útgongspunt fan minsklike weardichheid hawwe wy oerset yn in tal kearnwaarden dêr't wy ús yn feriene fiele. Betrouberens, maatskiplike belutsenens, solidariteit en krekt wat betsjutte wolle foar Fryslân is wat ús as koalysje bynt. Ús útgongspunt en kearnwaarden hawwe wy oerset yn ús politike opdracht: helpe mooglik te meitsjen dat elkenien meidwaan mei yn de Fryske maatskippij, elk op syn eigen wize. Wy woll soargje foar dy ferbining, dêryn sit ús krêft.

Wy sette ús yn foar elke Fries. Dat kin op ferskate manieren: fan it stimulearjen fan de eigen ferantwurdlikens oant it bieden fan kânsen op alderhanne gebieten. Wy sette yn op in Fryslân dat rjochtfeardiger, duorsumer, fryskeigener en ûndernimmender wurdt.

Betsjut dit dat wy ús allinne foar de friezen ynspanne? Nee. Wy binne bygelyks yn 2018 kulturele haadstêd fan Europa namens Nederlân. Wy wolle dan sa folle mooglik Europeanen berikke. Mar wy wolle ek dat dit in feest wurdt foar eltse Fries en dat eltse ynwenner fan de provinsje de kâns ha moat der fan te profitearen. Op wei nei 2018, yn 2018 en nei 2018.

### Ambysjes

Wy binne in ambisjeuze koalysje. Wy hawwe dêrom yn dit akkoart seis ambysjes formulearre, dy't mei-inoar in ramtfertelling foarmje. De earste ambysje, krêftige mienskippen, hat twa kanten. Yn it foarste plak is it in ambysje op himsels: wy wolle de al **krêftige mienskippen** yn Fryslân fuortsterkje, helpe yn de feroarings en fernijings dy't

oan de gong binne en helpe op plakken dêr't mienskippen minder krêftich binne of dat driigje te wurden. Mar dêrnjonken foarmje dy krêftige mienskippen it fûnemint foar hoe't wy yn ús oare ambysjes dingen berikke wolle. Safolle mooglik útgeande fan de krêft fan ús doarpen, wiken, bedriuwen en minsken sels, harren ideeën, inisjativen en ûndernimmerskip. Belied meitsje we sa'n protte as mooglik 'ynklusyf', lyk as dat hjoed de dei hjit. Dat wol sizze dat we rekken hâlden mei alle aspekten.

De ramtfertelling slute wy ôf mei de ambysje om in **moderne provinsje** te wêzen, dy't de needsaaklike oanfolling op ús earste ambysje is. Om oars omgean te kinnen mei in feroarjende wrâld en de ferskowende rol fan de oerheid dêryn, om de krêft fan mienskippen echt as útgongspunt nimme te kinnen, moatte wy ús as bestjoerders oars hâlde en drage, moat ús organisaasje oars funksjonearje.

### Ferbiner

Us wurkhâlding is dúdlik; wy binne net samar de bemuoial, wy wolle de konstruktive ferbiner wêze. Wy wolle sa folle as mooglik oanslute by inisjativen, winsken en kwaliteiten fan minsken, doarpen en regio's. Somtiden is ús grutste bydrage om net yn de wei te rinnen, mar om betrouwen en romte te jaan. Soms sit ús stipe yn it advisearjen en begelieden. Soms yn it weinimmen fan tûkelteammen, soms yn it finansieren. It is net nedich om fan elk probleem fuortendaliks ús probleem te meitsjen en om fuort in oplossing op te lizzen.

### Wrâld

Fryslân giet mear de wrâld yn. Mei ús produkten, mei ús bedriuwen, mei Kulturele Haadstêd, mei de Fryske gemeenten, it Wetterkip en mei ús noardlike partners om sa de ekonomy oan te fiterjen en fuort te sterkjen. Útdagings dy't wy graach yn oparbeidzjen mei ús Steaten oangeane.

Tusken de posten fan de ramtfertelling sitte ús oare ambysjes. Dat binne **in ekonomy dy't de takomst treast is, fanselssprekkende duorsumens, in libjend Frysk eigene en in dynamysk fermidden yn de moaiste provinsje**. Wy slute ôf mei in oersjoch fan it jild dat wy oan ús ambysjes besteegje wolle.

Wy sille in útdaagjende tiid temjitte. Dy is net frij fan gefaren en soargen, mar tagelyk ek net fan kânsen en mooglikheden. Wat ús bynt sil ús ynspirearje en oproppe om foarm en ynhâld oan ús ambysjes te jaan. Wat ús ûnderskiedt, levert nije ynfalshoeke om ta noch bettere oplossings te kommen. Foar elke Fries.



## Krêftige mienskippen

### Ús ynset

Doarpen en wiken krije de kâns om projekten út te fieren dy't de kânsen op it meidwaan fan de Friezen oan it maatskiplik lieven ferheegje.

By ús oanbestegings krije Friezen mei in efterstân op de arbeidsmerk een plak by de winner, troch ús klam op 'social return'.

Yn al ús beliedsterreinen hâlde wy sichtber en fielber rekken mei de sosjale aspekten fan dat belied.

Wy soargje der foar dat de Friezen de oankommende fjouwer jier mear jild oerhâlde, troch it provinsjale part fan 'e provinsjale wegenbelêsting mei 30 prosint te ferleegjen. Dit skeelt gemiddeld 65 euro yn 't jier per autobesitter.

Ynwenners kinne meidwaan oan in frijwilligersakademy.

### Ambysje

Fryslân is mear as alve stêden, rom 400 doarpen en 647.000 ynwenners. Wy foarmje sosjale netwurken fan tûzenen mienskippen dy't njonken elkaor bestean, faakentiids enoar oerlaapje en hieltyd feroarje en ferskowe. Mienskippen fan kollega's, freonen, gesinsleden, frijwilligers, mar ek fan ynternasjonaal ferbûne minsken dy't belangstelling ha yn in ûnderwerp op ynternet. Allegeare mei-inoar foarmje sy de Fryske mienskip. Wy binne ús der fan bewust dat de Fryske mienskip in bûnt gehiel is, en dat krekt al dy ferskillen weardefol binne. Al dy mienskippen ha harren eigen krêft, winsken en (mooglike) bydragen oan it grutte gehiel.

Mienskippen feroarje. Se foarmje harren, njonken sportklup of plattelânsfroulju, mear en mear fanwege mienskiplike driuwfearen. Lykas mei-inoar enerzjy opwekke en de opringst dêrfan yn de mienskip weromkomme litte. Se organisearje it gebrûk fan dielauto's en ûnderhâlden mei-inoar doarpstunen. De lokale mienskippen feroarje dus, mar bliuwe sterk. Dêrnjonken komme der hieltyd mear firtuele mienskippen fan lyksinnigen of minsken mei deselde ynteresses, net mear bûn oan plak of tiid. Minsken wikselje kennis út, leafhawwerijen, kreëarje in mienskiplik protest, idee of produkt mei oaren, wêr dan ek op de wrâld.

De ferhâlding fan de Fryske mienskippen ta harren grutste mienskip, de oerheid, feroaret ek. It ferhaal is bekend: boargers binne hieltyd heger oplaot, hawwe ûnder oare troch ynternet tagong ta hast ûnbeheinde kennis en nimme it gesach fan de oerheid net samar mear oan. Se nimme it heft ek mear yn eigen hannen en fiere taken út dy't earder as 'foar de oerheid' sjoen waarden.

Der heart wol in wichtige kanttkening by it ferhaal: net alle mienskippen binne like sterk. Net alle ynwenners binne like goed op de mienskip oansletten, guon sels hielendal net. Guon Friezen driigje fan generaasje op generaasje bûten elke mienskip te fallen.

### Krêftich

Wy wolle dizze perioade bydrage oan krêftige Fryske mienskippen, yn in rol dy't past by de feroarjende ferskowings tusken maatskippij en oerheid, en hieltyd krêftiger gemeenten. Dat dogge wy om te begjinnen troch sa min mooglik yn it paad te rinnen. Saken dy 't goed rinne, bemuoie wy ús net samar mei.

Wy ferminderje it tal regels en behinderings. Dêrnjonken stypje wy as dat winsklik is en as se ús freegje. Soms mei jild, mar mear noch mei ferskate foarmen fan help, kennis, advys, trochferwizing en ferbining. Yn de ambysje 'in moderne oerheid' lizze wy út wat wy dogge om it boppesteande te berikken. Wêr't mienskippen of yndividuën tusken wal en skip driigje te fallen en in provinsjale rol op syn plak is, stypje wy benammen yndirekt, fia of op syn minst yn oparbeidzjen mei gemeenten. Yn ús oanbestegings soargje wy derfoar dat wy in goede wurkjouwer binne en jouwe 'social return' in wichtige rol. Wy tinke der goed om dat 'social return' net ta ferkringing liedt.

### Aksjes foar krêftige mienskippen:

#### 1. ■ It sosjale domein

It sosjale domein is by útstek it domein fan de gemeenten. Harren rol dêryn sil de kommende jierren troch de desentralisaasjes allinnich mar grutter wurde. Dat betsjut net dat wy as provinsje gjin omtinken foar sosjale aspekten hawwe.

Om te begjinnen soargje wy foar in goede oerdracht fan ús eardere taken op it sosjale domein nei de gemeenten. Wy sille Provinsjale Steaten yn de hjerst fan 2015 oer de stân fan saken ynformearje. Op guon mêden 'meitsje wy guon saken kreas ôf'. Sa sille wy de fuortgong fan de oandachtsgebieten yn de Stellingwerven yn de kommende jierren noch troch it Fryske Sosjaal Planburo folgje litte. Yn algemiene sin sille wy foar gemeenten trends en boppelokale problemen yn it sosjale domein sinjlearje (litte). Dêrnjonken spylje sosjale aspekten troch allerhanne beliedsfjilden hinne. Wy sille dêrom trochgean mei it fieren fan 'ynklusyf belied'. Dat hâldt yn dat yn al ús



beliedsterreinen sosjale aspekten yntegraal ferfrissele wurde. Wy hawwe dêrby spesjaal omtinken foar de âlderein. It tal âldere minsken nimt de kommende jierren sterk ta en dy fergrizing wurket ek troch yn al ús beliedsterreinen.<sup>1</sup>

**Resultaat 1: by al ús belied hâlden we rekken mei sosjale aspekten en wy jouwe spesjaal omtinken oan de âlderein.**

**2. ■ Eltsenien belûke**

Wy sille ús lepen Mienskipfûns yn de kommende jierren ek ynsette as in kânsfûns. Wy stypje dêrmei projekten dy't dejingen dy't bûten de Fryske mienskippen driigje te reitsjen troch jildkrapte of oare oarsaken, mear kânsen jouwe om mei te dwaan. Om net op de stoel fan de gemeenten sitten te gean, rjochtsje wy ús dan op boppelokale projekten. Dat dogge wy yn oparbeidzjen mei gemeenten, troch ús streekagenda's. Ien fan de inisjativen dy't wy stypje wolle, is de Frijwilligersakademy. Sport is in wichtich middel foar in soad Friezen om diel út te mietsjen fan harren lokale mienskip. Topsport is in ynspirearjend foarbyld foar in soad sporters. Dêrom fine wy de topsportstatus fan Thialf en fan it Sintrum foar Topsport en ûnderwiis op It Hearrenfean ek tige wichtich.

**Resultaat 2: fia in kânsfûns komme tsientallen projekten ta stân, dy't Friezen nije kânsen jouwe om mei te dwaan en wy stypje de Frijwilligersakademy.**

**3. ■ Ferleging opsinten**

In tige effektive wize om de Fryske mienskippen fuort te sterkjen is dat se mear jild te besteegjen krije, benammen nei jierren fan ekonomyske krisis. Wy ferleegje de opsinten yn de kommende jierren mei 20 miljoen euro jiers, sadat Fryske boargers mear mooglikheden hawwe om diel te nimmen oan de mienskippen dêr't se diel fan útmeitsje of útmeitsje wolle. Lykas bekend liedt lesteferlichting ek ta wurkgelegenheid, mooglik wol de wichtichste foarm fan partisipaasje.

**Resultaat 3: de lesten foar de Friezen geane omleech mei 20 miljoen jiers.**

<sup>1</sup> Dit punt hat 50PLUS oanjûn as wichtich punt foar it koälysje-akkoart.





## 2

## In ekonomy dy't de takomst treast is

### Ús ynset

Wy soargje foar ienfâld. Regelings en fûnsen foar it Fryske bedriuwslibben nimme yn oantal ôf, net yn ûmfang.

De regelings en fûnsen dy't bliuwe sitte ienfâldiger yninoar en helpe oanfregers hurder. In grutter diel fan de Fryske jongerein kin in akademyske stúdzje dwaan yn harren eigen provinsje.

It Fryske bedriuwslieven hat dêrtroch mear ynteressante akademyske kennis yn de buurt. Ek ha Fryske bedriuwen, mei klam ek it MKB, mear kânsen om goeie plannen finansierd te krijen.

Toeristen jouwe wy de kâns om Fryslân te ûntdekkjen troch de OV-deikaart dy't fergees oanbean wurdt.

### Ambysje

De wrâldomfiemjende ekonomyske krisis hat de ôfrûne jierren ek de Fryske ekonomy hurd rekke. Der is dêrom alle oanlieding om de kommende jierren in soad omtinken te jaan oan it opknappen dêrfan. Wurk, wurk, wurk is in spearpunt. Dat wolle wy dwaan troch te kommen ta in Fryske ekonomy dy't de takomst treast is en de útdagings fan de 21ste iuw oankin.

Foar ús bestiet sa'n ekonomy út in tal saken. Yn it foarste plak giet it om ynnovaasje. Dêrom binne fernijende produkten om ús te ûnderskieden sa wichtich, yn bygelyks wetter- en suveltechnology. Wy binne it Lân fan Molke en Wetter en ha op dy terreinen in wichtige en werkenbere ynternasjonale posysje. Wy fine it ynnovaasjekluster Drachten tige weardefol. Wy stypje belangrike spilers yn ynnovaasje - lykas Wetsus - ek de kommende jierren.

Wy rjochtsje ús op sektoaren mei takomst. Sa binne bygelyks rekreaasje en toerisme en de suvel wrâldomfiemjende groeisektoaren, dêr't Fryslân grutte kânsen hat en dy't, njonken de allernijste produkten, ek wurk foar leechoplate minsken biede.

In ekonomy dy't de takomst treast is, is ek in ekonomy dy't yn harmony is mei natuer en omjouwing<sup>2</sup>. In duorsume ekonomy dy't sosjaal, ekologysk, ekonomysk en technologysk bydraacht oan in sûne ierde mei bewenners dy't it goed hawwe. Dat alles mei-inoar moat úteinlik liede ta heechwaardich wurk foar Friezen. It investearjen yn skjinne enerzjy kin bliuwend fertuten dwaan foar de Fryske ekonomy. Mei ekstra wurkplakken yn de makynstry en nije nasjonale en ynternasjonale ôfsetgebieden.

Ek de besteande wurkgelegenheid bliuwt tige wichtich, ek dy by oerheden. Dêrom dogge wy alle war om de rykstsjusten foar Fryslân te behâlden.

In wichtich ynstrumint foar it stimulearjen fan sa'n ekonomy is fansels ús budzjet *Wurkje foar Fryslân*, dêr't wy grutskaligens yn dy Fryske ekonomy mei ynvestearje, faak revolwearjend. Wy sjogge op 'en nij nei hoe't dy miljoenen bestege wurde, om sa it grutste effekt foar de Fryske ekonomy te berikken en der foar te soargjen dat eltse Fries profitearje kin.

### Aksjes foar in ekonomy dy't de takomst treast is:

#### 4. ■ Ynnovaasjeplatfoarm

Wy sjogge in dúdlike rol foar it Ynnovaasjeplatfoarm Fryslân. Wy sykje dêr, yn oparbeidzjen en mei wurkjouwersorganisaasjes, kennisinstellings, fakbûnen en oare belutsenen nei nije ynnovaasjes.

#### Resultaat 4: wy dogge mei yn it ynnovaasjeplatfoarm Fryslân.

#### 5. ■ Ynvestearje yn organisearjend fermogen

De Fryske ekonomy draait foar it grutste part op it midden- en lytsbedriuw. Troch harren skaal en aard sitte lytse bedriuwen midden yn de maatskippij, tusken de minsken. Se soargje foar aktiviteit yn de buerten, foar wurkgelegenheid yn doarpen en foar de leefberens op it plattelân. Se jouwe wearde oan minsken en de wrâld om harren hinne.

Wy ynvestearje dêrom net allinnich yn de grutte kearnen en ekonomyske swiertepunten, mar ek op oare plakken yn Fryslân. Troch it grutte tal mkb-bedriuwen is it organisearjend fermogen yn de Fryske ekonomy beskiedener as op oare plakken. Lytse bedriuwen hawwe it faak te drok foar oare saken as harren deistige praktyk. Om dy reden sille wy it organisearjend fermogen fan de Fryske ekonomy fuortsterkje, ûnder oare troch partijen noch aktiver mei-inoar te ferbinen. Yn 'e mande mei de bedriuwen bringe wy de sterke en swakke kanten yn byld om sa mei-inoar te bepalen wêr't ús stipe winsklik is.

#### Ferienfâldiging en help

Benammen lytsere bedriuwen fine it dreech om harren paad te finen by it oanfregjen fan subsydzjes of oare foarmen fan stipe. Dat leit foar in grut part oan ús. As oerheid meitsje wy de saken al gau te yngewikkeld. Goede bedoelings liede ta wyldgroei fan belied, regelings, fûnsen, kriteria, feroarderings, ensafuorthinne.

<sup>2</sup> Dit punt hat GrienLinks oanjûn as wichtich punt foar it koälysje-akkoart.

Wy sille dêr op twa manieren wat oan dwaan. As earste, wat wysels yn 'e macht hawwe, troch ús eigen regelings en fûnsen yngeand te ferienfâldigjen. Wy tinje it folboude lânskip mei al syn fûnsen en regelings út troch saken gear te foegjen. Fan de oerbliuwende regelings meitsje wy de rânebetingsten en kriteria ienfâldiger.

Wy wolle ek njonken it mkb stean. Wy stypje by de eigen regeljouwing, as soks fan-neden is, mar ek by de middels fan oaren, ûndernimmers om harren paad te finen as sy jild oanfreegje wolle, advys of oare stipe ha wolle.

Wy rjochtsje ien loket en kennisintrum yn foar alle oanfragen, foar ús eigen fûnsen likegoed as kennis oer dy fan oaren. Dat kennisintrum sil net allinnich yn de earste faze fan de ynnovasjestrang advys jaan, as noch net folslein útwurke ideeën stipe wurde moatte. It jout ek advys by fierdere stappen yn it proses, lykas it omsetten fan in idee yn in te ferkeapjen produkt.

#### Resultaat 5: minder regelings, en stipe by dejingen dy't oerbliuwe.

### 6. ■ Ynvestearje yn it Fryske bedriuwslibben

De ekonomyske krisis hat derta laat dat der te min jild foar goede ideeën yn Fryslân is en dat partijen dy't noch wol jild hawwe, lykas banken, tige hoeden binne yn het útliden dêrfan. Wy rjochtsje dêrom in Fryske ûntwikkelingsmaatskippij (FOM) op, om de Fryske ekonomy en mei klam ek it mkb tagong ta ynvestearings te jaan en dêrmei de ekonomy fuort te sterkjen. Bestearde ekonomysk kleure ynvestearingsfûnsen bringe wy dêr safolle mooglik yn ûnder.

Wy befoarderje de eksport fan Fryske produkten troch hannelsmissys te skewielen, bedriuwen nei Fryslân te heljen en yn oparbeidzjen mei it bedriuwslibben de kânsen foar eksport te ferkennen. De Fryske havens en de Harnzer seehaven yn it bysûnder, binne wichtich foar de Fryske ekonomy en eksport en wy sille mei harren sjen nei mooglikheden om dy havens fuort te sterkjen. Wy fiere in maatskiplike koste-ba-te-analyse (MKBA) út nei ferbettering fan berikberens fan de havens fan it Hearrenfean en Drachten. Foar de slûs by Koarnwertersân sette wy yn op in bredere slûs dy't de havens oan de Iselmar mear kânsen jout foar it bouwen en ûnderhâlden fan skippen. Foar in bettere en feiliger ûntsluting fan it Ecommunitypark ferdûbelje we de N381 fierder oant Easterwâlde-Súd.

Wêr't soks bydraacht oan ús ambysjes sille wy de mooglikheden benuttigje om Europeesk jild ta te foegjen oan ús eigen ynvestearings. Wy ûndersykje de ferskate mooglikheden om ús lobby yn De Haach en Brussel fuort te sterkjen.

#### Resultaat 6: er komt een Friese ontwikkelingsmaatschappij.

### 7. ■ Mei-inoar ynvestearje

Ekonomysk belied hat it measte effekt as alle oanbelangjende partijen inoar fuortsterkje. Dêrom wolle wy yn oparbeidzjen mei de Fryske gemeenten ekonomysk belied ûntwikkelje. Wy sjogge dêrnjonken mei de Fryske banemotor F4, by foarkar yn projektgroepen dy't oer organisaasjes hinne rikke, nei mooglikheden om harren

ekonomyske kearnfunksje en ûnderlinge ôfstimming te fersterkjen. Dêrby soargje wy foar in goede ferbining tusken ekonomyske ûntwikkeling fan stêd en plattelân, yn de 'netwurkstêd Fryslân'. Dat mienskiplike belied stimme wy mei Grinslân en Drinte ôf en – mei namme as it giet om Waadfûnsprojekten - ek mei Noard-Hollân.

#### Resultaat 7: wy ûntwikkelje mei de Fryske gemeenten ekonomysk belied.

### 8. ■ Ynvestearje yn ûnderwiis

Yn in ekonomy dy't hieltyd mear in kennisekonomy wurdt, jout ûnderwiis de trochslach. Alhoewol't ûnderwiis gjin provinsjale kearnzaak is, sjogge wy út ekonomysk perspektyf wei oanlieding om dy wearde fan benammen heger ûnderwiis yn Fryslân fierder te fergrutsjen.

Hbo- likegoed as akademysk ûnderwiis binne beide tige wichtich. Se drage by oan ekonomyske ûntwikkeling en biede ûntwikkelingskânsen. De lêste jierren hawwe wy as provinsje it heger ûnderwiis en ûndersyk, yn de foarm fan Dairy Campus, Waadskademy, Fryske Akademy en Wetsus, stimulearre. Wichtich wie de foarming fan in netwurk fan universiteiten sûnt 2011, University Campus Fryslân (of UCF). No is it tiid om in stap fierder te ferkennen, troch it stypjen fan de saneamde '11de fakulteit van de Rijksuniversiteit Groningen'. Dy 11de fakulteit sil bestean út ferskate masters, boppe op de trije dy't UCF al hat en moat liede ta in langduorjende ynpassing en sterke belutsenens fan it akademysk ûnderwiis yn Fryslân.

De 11de fakulteit moat komplemintêr wêze oan it hjoeddeiske ûnderwiis- en ûndersyksoanbod yn Fryslân. Hja moat gearwurkje en ôfstimme mei de besteande kennis- en ûndersyksynstellings. De masters moatte bydrage oan feardichheden en kennis dy't passe by de sterke kanten en kânsen fan it Fryske bedriuwslibben en de skaaimerken fan Fryslân. Dat moat liede ta in string fan opliedings, fan basisûnderwiis oant universitêr ûnderwiis, dy't opinoar, mar ek op it Fryske bedriuwslibben oanslute. Se drage dêrtroch ek by oan in goed fêstigingsklimaat.

De trochûntwikkeling fan akademysk ûnderwiis fergruttet de kânsen fan hbo-studenten om yn Fryslân troch te streamen nei in akademyske stúdzje, en fan alle jongeren om akademysk ûnderwiis folgje te kinnen yn Fryslân. As studinten of dosinten tûke nije saken betinke yn Fryslân komme de resultaten, bygelyks yn de foarm fan nije bedriuwen, ek Fryslân te'n goede.

As provinsje sjogge wy derop ta dat boppesteande doelen realisearre wurde troch te kommen ta prestaasje-yndicators mei de finansjele ôfspraken dêrmei aneaks. Om fêst te stellen oft de útstelde fakulteit oan ús winsken foldocht, litte wy de kommende moannen in ûndersyk nei de effekten fan de 11de fakulteit útfiere. As dat posityf útfalt, wolle wy bydrage oan de begjinfase fan dy 11de fakulteit.

#### Resultaat 8: as de útkomst fan it ûndersyk posityf útfalt, komt der in 11de fakulteit.



9. ■ **Ynvestearje yn toerisme**

Toerisme is op langere termyn in groeisektor, ien dêr't wichtige feroarings geande binne. De fergrizing liedt ta in oare fraach en de digitalisearring ta nije mooglikheden. Leeuwarden-Fryslân Kulturele Haadstêd fan Europa 2018 biedt de kommende jierren fansels grutte kânsen foar it toerisme, mar stelt ek easken oan de sektor. Yn it perspektyf fan al dy ûntwikkelings hifkje wy ús programma Gastfrij Fryslân op 'en nij. Wy ynvestearje mear yn struktuerfersterking en hardware as yn marketing. Wy sette ekstra yn op kultuertoerisme en sjogge oer it generaal nei hoe't goede ferbinings mei Kulturele Haadstêd te lizzen binne. Om it draachflak foar it iepenbier ferfier te fergrutsjen en toeristen it gemak fan it Fryske iepenbier ferfier ûnderfine te litten, krije toeristen dy't yn Fryslân oernachtsje in OV-deikaart fergees. Wy fine it inisjatyf Holwert oan see in yndrukwekkend foarbyld fan in inisjatyf dat fan ûnderen op komt. Wy steane posityf oer foar it ûndersyk nei de helberens fan dat inisjatyf.

**Resultaat 9: der is in OV-deikaart foar toeristen, fergees.**





## 3

## Foar fanselsprekkende duorsumens

### Ús ynset

De kommende jierren nimme de ferskate foarmen fan opwekking fan duorsume enerzjy sichtber ta.

Der komme mear wynmûnen by as yn de besteande en net te wizigjen ôfspraken opnaam is. Eltse Fries krijt de kâns om individueel of yn grutter ferbân mei te dwaan oan duorsume opwekking fan enerzjy.

Eltse Fries krijt de kâns om syn doarp of wyk enerzjyneutraal en/of sosjaal duosumer te meitsjen. Wy ferbetterje fyts- en kuierpaden.

### Ambysje

Duorsumens is foar ús fansels in liedend prinsipe. It bringt in ûntsachlike omslach tewe. Duorsumens wurdt, op in breed front, foar bedriuwslibben, ynstellings en oerheden in natuerlik ûnderdiel fan ús deistich libben. Wy wolle dy fanselsprekkendheid fan duorsumens in ekstra ympuls jaan, om yn 2050 te kommen ta in fossile-brânstoffrije en duorsume maatskippij. Wy stelle dêrom ekstra tuskentiidse doelen foar 2025, njonken de besteande foar 2020 en 2050, en ynvestearje om dy ambisjeuzere doelen ek te heljen.

Dêrnjonken wolle wy de brede opfetting fan duorsumens, dy't neist miljeu en omkriten ek sosjale duorsumens en wolfeart omfiemet, yn âlde steat werombringe. Wy nimme dêrom ek maatregels om de sosjale duorsumens en ekonomyske krêft fan Fryslân te fergrutsjen (sjoch dêrfoar ek de ambysjes krêftige mienskippen en in ekonomy dy't de takomst treast is).

### Aksjes foar fanselsprekkende duorsumens:

#### 10. ■ In duorsumensoffensyf foar 2025

Foar 2020 hawwe wy al as doelstelling om yn Fryslân 16% fan ús enerzjy duorsum op te wekken. Yn 2050 moat de enerzjyfoarsjening yn Fryslân net mear fan fossile brânstoffen ôfhinklike wêze. Wy lûke dêr meikoarten noch wat hurder oan. Wy wolle yn 2025 al 25% fan de enerzjy yn Fryslân duorsum opwekke hawwe. In doel dat we net op eigen man en boerd berikke kinne mar werfoar't we oare oerheden, organisaasjes en it bedruwslibben nedich hawwe.

By it ta stân bringen fan dy doelen sette wy yn op in brede enerzjymiks en in yntegraal enerzjyplan<sup>3</sup> dat wy yn oparbeidzjen mei de Fryske maatskippij organisearje. Yn de brede enerzjymiks sjogge wy in tal saken dy't ekstra kânsen hawwe. Sinne-enerzjy sil in wichtige rol spylje. Geotermie en waarmtenetten ferwachtsje wy hiel wat fan, benammen foar yndustriële tapassing. Wy dogge alle war om Europa oan in proefboarring meibetelje te litten.

De duorsumste foarm fan enerzjyferbrûk is gjin enerzjyferbrûk. Wy sille, mei de yndustry likegoed asmei de wenningsektor nei (mear) mooglikheden sjen dy't enerzjybesparjend binne.

Wy sjogge in grutte takomst foar led, dêr't it Fryske bedriuwslibben in sterke posysje yn hat. Wy ûntwikkelje dêr programma's yn oparbeidzjen mei bedriuwen, om sa bygelyks benzinestasjons hielendal mei led te ferljochtsjen. Dongfergêsting kin flink bydrage en blue energy sjogge wy ek as in moaie kâns om de duorsumens fuort te sterkjen.

Wy stypje de wisk fan ferskate doarpen en wiken yn Fryslân om yn 2025 sels yn harren enerzjyferlet te foarsjen. Wy jouwe harren alle romte om dêrmei it eksperimint oan te gean. Enerzjybesparing is fansels ek tige wichtich.

Njonken ús rol as ferbiner sille wy mear oanfiterje. Dat giet mank mei finansjele middels, mar mooglik noch wichtiger, it stypjen fan partijen, harren byinoar bringe, wize op mooglikheden, tûkelteammen út 'e wei romje. Wy sjogge ek in rol as kennismakelder, as winner, bringer en ferbiner fan kennis fan yn en bûten Fryslân. Wy wolle dêr ek safolle mooglik oanslute op besteande maatskiplike inisjativen en besykje dy fierder te bringen.

**Resultaat 10: in yntegraal enerzjyplan om yn 2025 25% fan ús enerzjy duorsum op te wekken is yn útfiering.**

#### 11. ■ Duorsum ferfier

Ynnoasjes jouwe de trochslach om duorsumens op in heger plan te bringen en soargje direkt en yndirekt foar wurkgelegenheid. Dy mooglikheden foar it skeppen fan wolfeart en wurk sille foar ús in wichtige rol spylje by ús kar foar stipe.

Duorsumens op lokale skaal kin by einbeslút ek foar in part in antwurd op befolkingsskrimp wêze. De winst fan lokale enerzjyopwekking kin weromkomme yn (it behâld fan) lokale foarsjennings.

Yn ús ferfiersbelied spilet duorsumens ek in wichtige rol. Yn it iepenbier ferfier wolle wy perfoarst dat der duorsume brânstoffen brûkt wurde. Wy sykje fierder nei kânsen om it iepenbier ferfier duosumer te meitsjen. Fytse en rinne binne de duorsumste foarmen fan ferfier. Under oare troch de elektryske fyts wurdt de fyts ek foar de langere einen hieltid mear brûkt. As provinsje wolle wy dat sa goed mooglik skewiele, troch de wen-wurkfyts-

<sup>3</sup> Dit punt hat D66 as wichtich punt foar it koälysje-akkoart oanjûn.



paden likegoed as de wat mear rekreative fytspaden goed te ûnderhâlden. Wy wolle, yn oparbeizjen mei de Fryske gemeenten, ek ynvestearje yn nije fytspaden. Mei-inoar meitsje wy in aksjeplan 'Fytse en rinne'. In ynvestearring yn kuierpaden bringt in rekreative ympuls en mear ynkomsten yn ús toeristyske sektor tewe. Njonken de wetterrekreaasje jildt Fryslân dertoch ek as kuier- en fytsprovinsje.

**Resultaat 11: Fryslân heart by de top 3 fyts- en kuierprovinsjes fan Nederlân.**

## 12. ■ Wynmolens en duorsume doarpen

Wynenerzjy sjogge wy as in tydlike bydrage oan it duorsumer meitsjen fan de Fryske ekonomy. Mar wynmolens hawwe ek negative effekten op it lânskip en it wenfermidden. Wy erkenne it tydlik belang fan wynenerzjy likegoed as de skaadkanten fan wynmolens. Wy lizze ús dêrom oan 'e iene kant del by it Ryksbeslút dat der 530,5 MW oan wynenerzjy yn Fryslân realisearre wurde moat. Wol sille wy der goed by it Ryk op oanstean dat dy molens net yn 'e Iselmar, mar by de Ôfslútdyk komme te stean.

Mar oan de oare kant is dy 530,5 MW it maksimum dat wy yn Fryslân oan wynmolens akseptearje sille. Nije molens op lân steane wy net ta. It ferfangen fan ôfskreaune molens op de besteande lokaasje troch molens fan deselde hichte sille wy net keare. Besteande molens sanearje wy net. Dat soe derta liede dat molens op in oarplak op it lân komme te stean en dat wolle wy net.

De gefolgen fan de oanwizing fan 'e Rykskoördinaasjeregeling wolle wy yn alle gefallen de gefolgen derfan fersêftsje. Yn de doarpen en streken dy't streekrjocht lêst krije fan wynmolens by de Iselmarkust en by de Kop fan de Ofslútdyk stypje wy inisjativen om de toeristysk-ekonomyske sektor fuort te sterkjen. Yn hiel Fryslân, mei in swiertepunt yn de doarpen en wiken ticht by wynmolens, stypje wy projekten dy't de lokale duorsumens en leefberens ferheegje. It giet dêrby om duorsumens yn brede sin. Wy stypje projekten en ideeën dy't bydrage oan 'fergriening', duorsume enerzjy-opwekking of besparing, lykas sinnepanielen, lienauto's en al sa mear. Mar ek inisjativen dy't de sosjale duorsumens en gearhing fergrutsje, bygelyks ynnovative foarmen fan buertsoarch of it oanlizzen fan folkstunen. Dêrmei bringe wy ek ús nije duorsumensdoelstelling foar 2025 in stap tichterby.

Wy besjogge de mooglikheden om dy komensaasje ûnder oaren te beteljen út it rendemint dat in yn alle opsichten finansjeel ferantwurd oandiel yn Windpark Fryslân ús bringe kin. Sa'n dielnimming jout ek de kâns it foar doarpen en wiken mooglik en maklik te meitsjen ien of mear yn it nije wynpark te pleatsen molens as 'doarpsmolen' oan te skaffen. Dan komt it rendemint dêrfan harren doarp of wyk te goede. Der komt in ûndersyk om nei te gean oft omkearing fan 'e bewiislêst by de komst fan wynmolens ta in bettere en leechdrompeliger skearegeling liede kin.

Wy binne allinne ree ta dy dielnimming yn ruil foar in goed rendemint en sizzenkip. Yn dat gefal sjogge wy ek nei de mooglikheden om it besteande FûnsSkjinneFryskeEnerzjy foar in diel hjirfoar te brûken. As dielnimming ûnder ús betinksten net mooglik is, dan dekke wy de komensaasje op in oare manier.

**Resultaat 12: der komme tsientallen duorsumer doarpen. Der komme net mear wynmolens by as it ôfsprutsen maksimum fan 530,5 MW.**

Wy hawwe oan it begjin fan dit haadstik ús duorsumensoffensyf sketst. Dat offensyf sil Fryslân de kommende jieren noch duorsumer meitsje. It sil ek in krêftich antwurd wêze, mocht it Ryk ea wer de fraach stelle wêr't wy eventuele wynmolens delsette wolle. Dat sil dan wêze: wy hawwe in folle bettere oanpak, net mei ien idee, mar mei tsientallen.







## Foar in libjend Frysk eigene

### Ús ynset

Friezen kinne makliker meidwaan oan muzyk, dûns en toanielliessen.

Elke Fries kin meigenietsje fan Leeuwarden-Fryslân Kulturele Haadstêd fan Europa 2018, mar ek dêrnei bliuwe keunst en kultuer foar elkenien tagonklik.

Alle Friezen krije mear gelegenheid om Frysk te learen en te sprekken, fan de berne-opfang oant de universiteit ta.

Eltse oerheidsynstânsje yn Fryslân is yn it Frysk te benaderjen.

Omrop Fryslân bliuwt in Fryske en Frysktalige omrop.

Fernijende, libbensfetbere kranten, sites en oare media binne tagonklik foar eltse Fries.

### Ambysje

Yn Europa is meartaligens de noarm, allyksa yn Fryslân. Dy Fryske taal foarmet lykwols net it iennichste Frysk eigene. Fryslân is ek de provinsje mei in soad lytse musea, in grutte sosjale gearhing, in soad beoefeners fan amateurkeunsten, iepenloftpullen en eigen Fryske sporten, lykas Frysk damjen en fierljeppen. Fryslân is de moaiste provinsje fan ús lân, dat wolle wy sa hâlde, mei in soad kultuerhistoarje en erfgoed, fan âlde suvelfabriken oant terpen en beskerme doarpsgesichten.

Dat de fryskeigene kultuer bloeit en ek bûten Fryslân op wurdearring rekkenje kin, die ûnder oare bliken út it takennen oan Ljouwert en Fryslân fan de titel Kulturele Haadstêd 2018. Mar ek de iepening fan it Frysk Museum en it winnen fan de museumpriis 2015 litte sjen dat de Fryske kultuer ta de saak docht.

Dat Frysk eigene is weardefol, mar net sûnder feroarings. De Fryske taal feroaret ûnder ynfloed fan nije media en it taalgebrûk dêrmei anneks, kultueruterings digitalisearje, sporten feroarje. Wy wolle it goede oan it Frysk eigene behâlde en tagelyk oan it nije oanpasse. Wy sjogge digitalisearring as in kâns foar de Fryske taal.

### Aksjes foar in libjend Frysk eigene:

#### 13. ■ Kultureldielname

Ûnder oare om Kulturele Haadstêd ta in súkses te meitsjen, ynvestearje wy de kommende jierren flink yn kultuer. Wy fine it ek tige wichtich dat elkenien de gelegenheid hat om te genietsjen fan kultuer én om dêroan mei te dwaan. Wy komme dêrom mei in stimulearringsmaatregel foar muzyk, dûns en toanielliessen. Hjirfoar is ek it lepen Mienskipfûns yn te setten. It kulturele erfgoed wolle wy restaurearje en in nije bestimming jaan, sadat it ek funksjoneel brûkt wurde kin en foar in breed publyk tagonklik bliuwt. Sa wolle wy it kultuertoerisme yn Fryslân ek fuortsterkje.

**Resultaat 13: mear Friezen dogge mei oan muzyk-, dûns- en tonielliessen.**

#### 14. ■ Leeuwarden-Fryslân Kulturele Haadstêd fan Europa 2018

Leeuwarden-Fryslân Kulturele Haadstêd fan Europa 2018 is sûnder mis it wichtichste kulturele barren fan de kommende jierren yn Fryslân. Kulturele Haadstêd wurdt in breed folksfeest dêr't hiel Fryslân, jong en âld, oan meidwaan kin en wol. Breed ek yn de ferbining mei wichtige besteande kulturele eveneminten as de Admiraliteitsdagen, Alvestêdetocht, Heamiel, Sail Harns, Snitswike ensfh. Breed yn de sprieding oer doarpen en stêden oer hiel Fryslân. Breed yn de ynhâldlike ferbining mei alderhanne oare aktiviteiten en beliedsterreinen. Kulturele Haadstêd jout in mearwearde oan de (kulturele) eveneminten dy't wy hjir al ha.

Wy steane folslein efter Leeuwarden-Fryslân Kulturele Haadstêd fan Europa 2018 en sjogge it ek as ús taak om dêr in grut súkses fan te meitsjen. Wy sjogge der skerp op ta dat der gjin jild útjûn wurdt dat der net is. Dêr sille wy de al yn it proses foarsjoene hifkings foar brûke.

Noch wichtiger as it evenemint sels binne de bliuwende effekten dêrfan. Dy effekten binne der, njonken it kulturele terrein (dat seit himsels), ek noch op in soad oare terreinen. Foar ús leit de klam op trije fan dy bliuwende effekten fan Kulturele Haadstêd:

- *Fuortsterkjen fan de ekonomy.* KH18 moat liede ta duorsume fuortsterking fan de Fryske ekonomy. Wy sille aktyf mei bedriuwen sjen hokker taheakke wearde Leeuwarden-Fryslân Kulturele Haadstêd fan Europa 2018 foar harren betsjutte kin en oarsom. Kulturele Haadstêd is ús gongmakker om it Fryske bedriuwlibben yn kontakt te bringen mei nije merken yn nije lannen. Yn oparbeidzjen mei fertsjintwurdigers fan dat bedriuwlibben sille wy Fryske bedriuwen freegje op hokker terreinen en yn hokker lannen se eksportkânsen sjogge. Ambassadeurs, ministers en (mooglike) klanten út dy lannen nûgje wy by KH18 út, om it netwurk fan Fryske ûndernimmers en úteinlik harren eksport te fergrutsjen.



- *Fuortsterkjen fan it Frysk en it Frysk eigene.* Yn it kulturele erfskip beklamje wy de fersterking fan it brûken, de kwaliteit en de populariteit fan it Frysk en it 'Frysk eigene' yn ús kultuer. In foarbyld dêrfan is it projekt Lân fan taal, dat wy fierder útbouwe wolle, yn en bûten Kulturele Haadstêd.
- *De brede kulturele resultaten.* Foar ús is it wichtich dat it programma fan Leeuwarden-Fryslân Kulturele Haadstêd fan Europa 2018 njonken topkeunst ek keunst omfiemet dy't grutte parten fan de befolking ta it genietsjen dêrfan likegoed as dielname dêroan ferliedt. Leeuwarden-Fryslân Kulturele Haadstêd fan Europa 2018 moat der bliuwend ta liede dat mear bern en folwoeksenen mei kultuer yn 'e kunde komme en ta bliuwende fuortsterking fan it kulturele fjild yn Fryslân. Wy brûke ús posysje as partner en kofinansier fan Kulturele Haadstêd om it belang te beklamjen, dat elkenien ek nei 2018 oan kulturele aktiviteiten meidwaan kin. Mei de partijen yn it kulturele fjild, ús partners yn Kulturele Haadstêd en ús kollega-oerheden sjogge wy nei de mooglikheden dy't sy yn muzykskoallen, kulturele sintra en sa biede kinne.

**Resultaat 14: Leeuwarden-Fryslân Kulturele Haadstêd fan Europa 2018 wurdt in feest mei bliuwende effekten foar elkenien.**

## 15. ■ It Frysk

It Frysk is foar de Friezen mear as allinnich in taal. It bepaalt ek harren identiteit. It soarget foar ferbining en joutit gefoel thús te wêzen. Wy drage de ferantwurdlikens en soarchplicht foar de Fryske taal en kultuer tegearre mei it Ryk en fine it ek wichtich om dêr mei-inoar yn hâld oan te jaan.

Yn dizze tiid lykwols, kin hast nimmen mear mei ien taal ta. Op skoalle, yn it deistich libben, op ynternet rinne talen trochinoarhinne en springe benammen jonge minsken samar fan it Frysk oer op it Nederlânsk of op it Ingelsk. Wy sette dêrom fol yn op meartalich ûnderwiis yn berne-opfang en op de basisskoalle. It Frysk heart op alle basisskoallen thús. Wy daagje basisskoallen út om de eintoets Frysk ôf te nimmen. As provinsje komme wy mei de Grutte Pier priis, foar de skoalle of de klasse dat de measte punten op dy toets hat.

Wy sille de posysje fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis ek fuortsterkje, oant it Frysk fan berne-opfang, basisskoalle, fuortset ûnderwiis oant yn it hbo en wittenskiplik ûnderwiis folge wurde kin. Wy ûndersykje mei Fryske learlingen en skoallen oft en hoe't it Frysk, bygelyks as karfak, in bestindiger plak yn it fuortset ûnderwiis krije kin. Wy besjogge hoe't wy digitale learmiddels dêr in rol yn spylje kinne litte.

Wy befoarderje dat de ferskate oerheden yn Fryslân ek sels it Frysk aktyf brûke. Friezen sille ommers folle earder it Frysk by in oerheid brûke as dy dat sels ek docht. Yn de Wet gebrûk Fryske taal is opnommen dat ek desintrale oerheden<sup>4</sup> in soarchplicht foar de Fryske taal en kultuer hawwe. Wy sille dat yn oparbeidzjen mei gemeenten en oare oerheidsorganen (lykas de Rjochtbank Noard-Nederlân) regelje. As provinsje jouwe wy it goede foarbyld.

Wy sille, ek nei oanlieding fan it grutte taalûndersyk fan de Fryske Akademy, boppesteande en oare maatregels ûnderbringe yn in oerkoepeljend Deltaplan Frysk. Dat plan moat ta op it op positive wize fuortsterkjen fan de ferankering van de twadde rykstaal liede.

**Resultaat 15: in Deltaplan Frysk fersterket de posysje fan de Fryske taal.**

<sup>4</sup> Útsein it Amelân, Skiermûntseach, Skylge, Flylân en Weststellingwerf.

## 16. ■ Omrop Fryslân

Omrop Fryslân is foar ús in wichtige pylder foar it brûken fan de Fryske taal. In selsstannige posysje fan de Omrop kinne wy net sûnder. Wy wolle dêrom it Ryk oan de ôfspraken hâlde, sa't dy yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer beneamd binne. Mei as útgongspunt it advys fan de Kommisje Boarging Fryske taaal yn de media (kommisje Hoekstra) wolle wy in wetlike ferankering fan de posysje fan de Fryske taal en Omrop Fryslân yn de mediawet, finansjele dekking dêryn begrepen. De gearwurking fan de Fryske mediabedriuwen sjogge wy as in positive ûntwikkeling.

Media binne wrâldwiid folop yn transysje. It ynternet hat de basis ûnder de bedriuwsfiering fan in soad besteande media swakker makke. It sykje nei nije bedriuwsmoedellen folop oan de gong. Mar ek de funksje en de foarm fan de media is by it soad oanhelle mei feroarings. Wy achtsje in sûn medialânskip fan grut belang, ek as needsaaklike kontrôle op de politike macht. Wy besjogge dêrom hoe't wy de transysje binnen de Fryske media wêr't dat nedich is helpe kinne om soks mooglik te meitsjen.

**Resultaat 16: Omrop Fryslân bliuwt behâlden as in selsstannige omrop.**



## Foar in dynamysk fermidden yn de moaiste provinsje

### Ús ynset

De (âldere) ynweners fan Fryslân kinne makilker in wenning fine dy't by harren past.

Der binne genôch foarsjennings yn 'e buert, al binne dy net altyd mear yn it eigen doarp.

Soarchfoarsjennings binne goed oer de provinsje ferspraat.

Fluch ynternet is tagonklik foar hieltyd mear Friezen.

Friezen kinne mei ien OV-trajekkaart troch hiel Noard-Nederlân reisgje.

De diken binne noch better ûnderhâlden en feiliger.

Boeren krije stipe yn harren stribjen mear rekken te hâlden mei de natuer.

De besteande natuergebieten wurde moaier.

### Ambysje

In leefber fermidden is foar ús in fermidden dêr't minsken graach wêze meie, om't natuer moai of om't it wenfermidden noflik is en dêr't wurk is of tichteby is. It is in fermidden dat net ôfsûndere is en dat fysyk en digitaal goed te berikken is. It is ek in fermidden dêr't dy eleminten yn 'e balâns binne, dêr't lânbou en natuer inoar fuortsterkje, dêr't wurkjen en wenjen inoar net yn it paad sitte, en dêr't soarch en wenjen mei-inoar feriene wurde kinne.

Yn Fryslân is soarch foar dat fermidden fan grut belang. Net samar binne wy sûnt 2010 offisjeel de moaiste provinsje fan Nederlân. Dy titel ha wy net krige troch eltse yngreep yn it fermidden tsjin te hâlden, mar troch dit sa ferantwurde mooglik te dwaan.

### In leefber plattelân

Fryslân is bekend fanwegen syn fraai en libben plattelân. It plattelân hat ek syn bedrigings, soks yn 'e foarm fan fergrizing, befolkingskrimp en ferlies fan (ekonomyske) libbenskrêft. Om it libben karakter fan it plattelân te behâlden en de gefolgen fan krimp te ferminderjen binne leefberens fan it plattelân en wurkgelegenheid tichteby tige wichtich.

Wy binne fan betinken dat dêr no ek krekt de krêft fan de mienskippen leit. Wy wolle safolle mooglik oanslute by inisjativen, winsken en kwaliteiten fan minsken, doarpen en regio's. Soms is ús grutste bydrage net yn it paad te rinnen. Soms sil it om advizen en begelieding gean, soms tûkelteammen út 'e wei romje en soms giet it om jild.

Wy wolle mear ferbine as de rezjy hawwe, mear helpe as stjoere. En dat wolle wy maklik hâlde, mei ien loket. Yn dy gefallen dêr't de krêft fan mienskippen stykje bliuwt, sille wy aktiver sykje nei mooglikheden om dy krêft grutter te meitsjen. Wannear't jild fanneden is drage wy foar de gruttere projekten by fia de streekagenda's, foar de lytsere projekten dy't werklik fan ûnderen op komme fia ús lepen Mienskipfûns.

Wat wy dogge, dat dogge wy boppelokaal, yn 'e mande mei of fia gemeenten. Gemeenten wurde grutter, krije mear taken en bestjoerskrêft. Om dy reden sille wy ús noch wat beskiedener opstelle moatte. Meastentiids sil ús stipe oan mienskippen net streekjocht ferrinne: fia dy gemeenten, op syn minst yn 'e mande mei harren. Wy sille net op harren stoel sitten gean, mar helpe wannear't soks kin en better is. Wy sjogge ús bydrage ûnder oare yn stipe om te berikken dat der gearing komt, dat gemeenten ta inoar komme om te ûnderhanneljen, plannen te meitsjen en benammen om dy dan ek ta stân te bringen.

### Aksjes foar in dynamysk fermidden yn de moaiste provinsje:

#### 17. ■ Ynset foar plattelân

Wy arbeidzje op mei gemeenten en oare partijen, dêrûnder VNO-NCW, MKB en de suvelynndustry yn de Fryske regio's fia streekagenda's. Mar de gearwurkingsagenda's mei de 'grutte fjouwer' hawwe ek harren útwurking op it Fryske plattelân. Wy lizze in sterke ferbining tusken dy agenda's en besjogge oft wy ta nije foarmen fan gearwurking komme kinne. Wy sette ús lepen Mienskipfûns yn om inisjativen fan ûnderen op, dy't de leefberens op in heger nivo bringe, te stypjen.

**Resultaat 17: de besteande agenda's foar stêd en plattelân binne ferbûn.**

#### 18. ■ Foarsiennings

Foar de leefberens fan it plattelân binne foarsjennings tige wichtich. Wy stypje gemeentlik oerlis om harren mienskiplik nivo fan foarsjennings wjerstân oan de krimp biede te kinnen. Wy jouwe de romte om ek yn lytse kearnen ekonomyske aktiviteiten mooglik te meitsjen. Rekreaasje en toerisme biede goede kânsen foar wurk tichteby. Wy sille trochgean mei it stypjen fan de fierdere ûntwikkeling dêrfan. Mar soms is net it wurk yn it doarp sels, mar yn de gruttere kearn fuortby de bêste kar om de ekonomyske krêft en leefberens fan it plattelân te behâlden. Yn 'e mande mei de oanbelangjende partijen wolle wy de sterke en minder sterke punten yn de mienskippen yn byld bringe om mei-inoar te bepalen wêr't ús stipe winsklik is.

**Resultaat 18: alle gemeenten yn de Fryske krimpregio's binne it oer en wer iens mei harren relevante oanbuorjende gemeenten oer de ferdieling fan de foarsjennings.**



### 19. ■ Sizzenskip soarchfoarsjennings

Soarchfoarsjennings binne tige wichtich om in streek oantreklik te meitsjen. Foar in goede sprieding fan soarchfoarsjennings is goede gearwurking en ôfstimming fan-neden tusken alle oanbelangjende partijen. De ferantwurdlikens foar de sprieding fan soarchfoarsjennings leit no by it Ryk. Wy sille der as provinsje op oanstean dat wy mear sizzenskip krije oer de sprieding fan soarchfoarsjennings foar ús ynwenners. Wy stribje nei in spriedingsplan foar soarchfoarsjennings yn Fryslân<sup>5</sup>, op te stellen yn 'e mande mei soarchfersekerders en it Ryk. Wy sjogge dêr in sintrale rol foar Zorgbelang. De kommende jierren sille wy dy organisaasje ek stypje.

**Resultaat 19: wy hawwe mear te sizzen oer de sprieding fan soarchfoarsjennings en bliuwe Zorgbelang stypjen.**

### 20. ■ Digitalisearring

Wêr't it plattelân ea fier fuort wie, komme in protte saken troch digitalisearring no tichtby. Om it plattelân ekonomysk en sosjaal oantreklik te hâlden is in goede digitale ûntsluting tige wichtich. Om dy reden sille wy mear haast meitsje om de 'lege plakken' yn Fryslân te foarsjen fan breedbân of glêstriedyinternet. Njonken de digitale ûntsluting bliuwt, om it plattelân libjend te hâlden, de fysike berikberens fan kearnen en foarsjennings ek tige wichtich. Dêrby is net inkeld it iepenbier ferfier, mar binne alle (ynnovative) foarmen fan ferfier fan belang.

**Resultaat 20: wy meitsje mear haast mei it útsetten fan breedbân.**

### 21. ■ Wenningfoarried

De kommende jierren sille fergrizing en befolkingskrimp (grutte parten fan) it Fryske plattelân in oare kleur jaan. Dat hat gefolgen foar it tal wenten, mar ek foar it soarte fan wenten dy't fanneden binne. Mei ús werstruktuerarrangefûns stypje wy it opknappen en slopen fan wenten as soks fanneden is. De kommende jierren sil dat, krekt as nijbou fan wenten, noch mear paswurk wêze as foarhinne, op it gebiet taspitst. Om foar te kommen dat benammen de âlderein net massaal nei de foarsjennings fan de stêd ferdwynt, binne soarchfoarsjennings en doarpshuzen tige wichtich. Troch fleksibele mantelsoarchwenten te bouwen kin de âlderein yn it gebiet wenjen bliuwe. Boppedat kin de jongerein ek syn eigen plak fine.

**Resultaat 21: de Fryske wenningfoarried past better by de feroarjende befolkingsopbouw.**

### 22. ■ In fermidden dêr't lânbou en natuer yn 'e balâns binne

De Fryske lânbou is fan grutte wearde. Dêrûnder falle ferskate sektoaren dy't sels by de top fan de wrâld hearre. Sawol de Fryske lânbou sels as de wrâld dêromhinne feroaret bot. De lânbou as ekonomyske motor bliuwt foar ús fan grut belang. De molkkwotums binne loslitten, de fraach nei suvelprodukten út oare parten fan de wrâld nimt sterk ta, klimaatferoaring hat gefolgen foar de lânbou. De Fryske lânbou sels is oer in breed front dwaande mei in omslach nei in mear 'natuerynklyse' foarm: ynklusyf it omtinken foar natuer<sup>6</sup> dy't fan âlds by de lânbou heart, ynklusyf it bieden fan foarmen fan soarch, ynklusyf it hieltyd duosumer buorkjen. Wy stypje dy ûntwikkeling dy't liedt ta in foarm fan lânbou dy't sawol ekonomysk

sûn is as dy't oan eksport docht, yn brede sin duorsum is en yn in soad opsichten de koprinner yn de wrâld is. Wy steane der noed fan dat de kennis dêrfan dield wurde kin, ûnder oare fia it inisjatyf Living Lab en Dairy Campus. By in ynklusive lânbou heart dêr foar ús ek it útgongspunt by dat de Fryske lânbou grûnôfhinklik is.

Us algemiene útgongspunt is dat it Fryske lânbouareaal de kommende jierren net fierder werom rint. Njonken de al oanwiisde gebieten yn de Ekologyske haadstruk-tuer (EHS) sille wy gjin lânbougrûn mear foar natuer opofferje. Foar dy gebieten sil likemin lânbougrûn ûnteigene wurde foar natuer. Wêr't wy binnen de grinzen fan de EHS lânbougrûn opkeapje, stimulearje we safolle as mooglik it weromjaan fan it label lânbou oan goede lânbougrûn mei natuerbestimming bûten de EHS.

Om safolle mooglik en sa moai mooglike natuer foar ús jild te krijen sette wy de kom-mende jierren yn op mear (fernijend) behear foar minder jild. Wy keapje inkeld natuer oan as wy dêr net allinnich it jild foar hawwe, mar ek om dy goed yn te rjochtsjen en te behearen. Wy stypje it inisjatyf om ta in greidfûgelektoraat te kommen.

Op it stik fan finansierings sille wy de kommende jierren flink ús bêst dwaan om Fryslân noch moaier te meitsjen en om ekonomy, lânbou, natuer en lânskip wer yn 'e balâns te bringen. Wy wolle dêr ek net yn trochsjitte.

**Resultaat 22: der is werstel fan de balâns tusken lânbou en natuer.**

### 23. ■ Kennis en ynnovaasje yn de agraryske sektor

Der is in protte kennis yn de Fryske lânbou en dêromhinne, sels mei in foaroanplak op wrâldnivo, lykas de Dairy Campus en binnen it programma fan de Dairy Chain. Mar dy kennis komt net altyd like maklik by de Fryske boeren en suvelbedriuwen telâne. De kommende jierren sille wy helpe om dy kennis better te ûntsluten en nei harren oer te bringen. Dêr sette wy ûnder oare de Dairy Campus aktiver foar yn. Fryslân hat ek heechwaardige lânboubedriuwen. Dy binne mei-inoar dwaande om setters hieltyd fierder te ûntwikkeljen en wolle mei dat doel in Lânbou Akademy (crop chain) opsette. Wy binne wiis mei dy ûntwikkeling en dy sille wy bliuwend stypje.

**Resultaat 23: der is in Lânbou Akademy ta stân brocht.**

### 24. ■ Regeldruk lânbou

In nijsgjirrige ûntwikkeling yn de Fryske lânbou, krekt as op oare plakken yn Fryslân, is de sterke opkomst fan mienskiplike inisjativen fan ûnderen op om ta dy ynklusive lânbou te kommen. Wy sjogge dat bygelyks yn de sân gebietskollektiven foar agrarysk natuer- en lânskipsbehear, yn inisjativen fan boeren om mei-inoar oan wet-terbehear te dwaan.

Krekt as op oare mêden geane wy der ek yn de lânbou fanút dat, as de saken yn goed oerlis en op eigen inisjatyf goed ferrinne, wy dêrop betrouwe en net yn it paad rinne wolle. Boppedat stypje wy it eigen inisjatyf út de lânbou wei troch drompels foar te kommen en besteande drompels út 'e wei te romjen. Wy lizze gjin eigen regels oer de Europeeske of nasjonale regels hinne. Wy stypje lânbouwers yn it omgean mei Europeeske en nasjonale regels en sille lobbye foar it weinimmen dêrfan as dy gjin oanwiisber doel tsjinje. Wêr't, op oare mêden as lânbou, goede ideeën of inisja-

<sup>5</sup> Dit is ûnderdiel fan it soarchplan dat de PvdA oanjûn hat as wichtich punt foar it koälysje-akkoart.

<sup>6</sup> Dat punt hat de Partij voor de Dieren oanjûn as wichtich foar it koälysje-akkoart.

tiven opkeard wurde, geane wy de mooglikheid nei fan sônes mei beheind belied, tydlike 'beliedsfakânsjes' of sels it ôfskaffen fan dat belied. Yn dy gefallen dat wy net oan de regels ûntkomme kinne, lykas by agrarysk natuerbehear, meitsje wy dy regels sa ienfâldich mooglik.

**Resultaat 24: wy lizze gjin eigen regels op njonken de besteande regels foar de lânbou.**

**25. ■ Oerlêst troch guozzen**

Guon soarten bisten bringe de lânbou soms grutte skea ta. Mûzen binne in bekend foarbyld en de skea troch dassen nimt ek ta. Guozzen binne lykwols de bekendste en grutste oarsaak fan skea yn de lânbou. No bestride wy de oerlêst fan guozzen troch dy ôf te sjitten. Dêrby is dan wol in 'winterrêst' ynboud fan twa moanne. As boeren dêr dochs skea fan hawwe, dan kompensearje wy dy. Wy sille de kommende moannen ûndersyk dwaan nei de strukturele oarsaken fan de oerlêst troch guozzen en besjogge oft der ek oare mooglikheden binne om dy oan te pakken. Yn 2016 hifkje wy ús oanpak fan de oerlêst troch guozzen. As de oerlêst dan net flink minder wurden is, bliuwt yn alle gefallen de winterrêst fan op syn minst twa moanne bestean.

**Resultaat 25: er is yngripende ôfname fan de skea troch guozzen.**

**26. ■ Wetter**

Wetter is fan libbensbelang. It is in boarne fan libben en fan kennisûntwikkeling foar ús. It is lykwols ek in boarne fan soarch as it gefaar bestiet dat it op rekket, ta oerstreamings liedt of fersmoarge is. Wy sille ús ramtrjochtline maatregelpakket útfiere en bydrage oan it Deltaprogramma. Wy sille fierder mei it fuortstarkjen fan de folsleine wetterstring. Wy steane ek yn dat gefal noed fan de ferbining tusken



partijen en dogge dat yn 'e mande mei de ynwenners fan Fryslân, mei it Wetterskip en mei it Ryk. Wy meitsje in nij wetterhûshâldingsplan dat foarútrint op de letter yn dizze perioade te ferskinen Omkritefisy.

**Resultaat 26: de Friese wetterstring is fierder fuortsterke.**

**27. ■ Omkritewet**

In wichtige ûntwikkeling foar Fryslân foar de kommende jierren is de komst fan de Omkritewet. Neffens dy wet sille wy de kommende jierren in Omkritefisy meitsje dy't allerhanne foarmen fan belied mei romtlike konskewinsjes yntegrearje sil. Wy brûke dy nije Omkritefisy as lakmoesproef foar hoe't wy yn dizze koalysje mei gearwurking omgean wolle, útgean fan de krêft fan Fryske mienskippen en ta minder belied en regels komme.

**Resultaat 27: de kommende Omkritefisy komt op moderne wize ta stân en liedt ta it weromkringen fan de omfang fan it belied en fan it tal regels.**

**28. ■ Feangreide**

It feangreidegebiet is in unike foarm fan natuer en fan agraryske aktiviteiten. Dy wolle wy beide safolle mooglik behâlde. De oksidaasje fan it fean liedt, njonken ta natuerskea, ek ta mear útstjit fan CO<sub>2</sub>, de needsaak om diken op te heegjen ensfh. Mei de partijen yn it gebiet hawwe wy in Feangreidefisy opsteld oer in oanpak dy't it ferdwinen fan it fean yn it gebiet fertraagje moat. Dy fisy nimme wy as útgongspunt. By it útwurkjen fan dy fisy wolle wy safolle mooglik fertrouwe op groepearings en kollektiven út it gebiet sels.

**Resultaat 28: wy behâlde it feangreidegebiet safolle mooglik.**

**29. ■ In tagonklik gebiet**

Yn in leefbere provinsje moatte minsken ek sûn, feilich en fluch reizgje kinne. Wy ynvestearje yn in feilich wegenet foar auto's en fytsen. Under oare om redenen fan feiligens bringe wy it ûnderhâldsnivo fan diken omheech, fan 6 nei 7. Wy pakke de ûnfeilige krusings Wommels-Noard, Wommerls-Súd, Boalsert en Burchwert by de N359 oan. Boppedat lizze wy feiliger oerstekplakken oan, soargje wy foar dúdlike markearrings en geane wy nei wêr't ynvestearings keppele wurde kinne oan duorsume ynnovaasje, lykas solar led-ferljochting yn diken.

**Resultaat 29: de diken binne better ûnderhouden en feiliger.**

**30. ■ Skarster Rien**

It Fryske wegenet is hast klear. Der mist lykwols noch ien grutte skeakel. Dat is in akwadukt op it plak fan de besteande brêge Skarster Rien yn de A6. It Ryk is dêr ferantwurdlik foar, mar wy stelle ús posityf op as it giet om in eventuele foarfinansiering fan dat akwadukt. Wy knappe ek de rûnwei op 'e Lemmer op.

**Resultaat 30: it akwadukt Skarster Rien stiet wer op de wurklist fan it Ryk; it ferkear op de rûnwei op 'e Lemmer streamt better troch.**



### 31. ■ Iepenbier ferfier

In wichtige skeakel yn de ferbining fan Fryslân mei de rest fan de wrâld is it iepenbier ferfier. Wy sette ús yn foar sa goed mooglike ferbinings mei de Rânestêd, sawol oer de Ôfslútdyk as oer Swol. Wy sjogge kânsen foar in goede ferbining fan Harns, oer Grins, oant Hamburch ta, wat foar eksport en toerisme wichtich is.

Elektrifikaasje fan it spoar yn Fryslân is foar ús tige wichtich. By nije oanbestegings befoarderje wy goed wurkjouwerskip yn it iepenbier ferfier troch net inkeld in ekonomysk, mar ek in sosjaal rendabel bestek (social return) te freegjen. Om mear draachflak foar it iepenbier ferfier yn Fryslân te krijen en toeristen it gemak fan it Fryske iepenbier ferfier ûnderfine te litten, krije toeristen dy't yn Fryslân oernachtsje in OV-deikaart, fergees.

Yn 'e mande mei de oanbuorjende provinsjes geane wy nei oft in noardlike OV-trajektkaart<sup>7</sup> wat tafoeget. Wy dogge ûndersyk nei de mooglikheid om de ferantwurdlikens te krijen foar de oanbesteging fan de feartsjinsten nei ús eilannen. Dat dogge wy om te garandearjen dat de eilannen goed berikber bliuwe en de kânsen foar in bettere oansluting fan oare foarmen fan ferfier op de feartsjinsten better te benuttigjen.

**Resultaat 31: der is in noardlike OV-trajektkaart.**

### 32. ■ Wetterwegen

Ferfier oer it wetter is in duorsume wize fan ferfier dêr't wy de kommende jierren yn ynvestearje sille. De brêgen yn Dronryp en by Ritsumasyl en de bocht Frjentsjer yn it Van Harinxmakanaal sille wy oanpasse, sadanich dat der gruttere binnenfeartskippen, klasse V, trochhinne farre kinne, sûnder it hiele kanaal nei klasse V te bringen. Wy sille mei it Ryk prate oer it breder meitsjen fan de Tsjerk Hiddesslûzen yn Harns. Foar de slûs by Koarnwertersân sette wy yn op in brede slûs dy't de Iselmarhavens mear kânsen biedt foar it bouwen en ûnderhâlden fan skippen.

**Resultaat 32: it Van Harinxmakanaal is befarber foar klasse V-skippen.**

### 33. ■ In sûne boaiem

Fryslân is ien fan de skjinste provinsjes fan Nederlân. Dat jildt ek foar de Fryske boaiem. Dat wolle wy sa hâlde. Gjûn frjemde stoffen yn de Fryske boaiem, bygelyks om skealjeges te winnen of om CO2 op te slaan. Gjûn nije gasboarrings. By de besteande gaswinning biede wy it Ryk oan om yn Fryslân útein te setten mei omkearing fan de

bewiislêst: net dejinge dy't skea hat moat bewize dat dy troch de gaswinning ûntstien is, mar de gaswinner moat bewize dat dat net sa is.

De sâltwinning yn Fryslân sil oer in tal jierren ferpleatst wurde fan it fêstelân nei ûnder de Waadsee. Sawol foar dy tiid as nei de ferpleatsing wolle wy by sâltwinning it prinsipe 'hân oan de kraan' oanhâlde. Wy folgje it proses oanienwei om te sjen oft der skea of neidielige gefolgen drijge te ûntstean. As dat sa is, dan moat de kraan fluch (foar in part) ticht.

**Resultaat 33: der fynt gjin opslach fan frjemde stoffen yn de Fryske boaiem plak.**



<sup>7</sup> Dat hat de ChristenUnie oanjûn as wichtich punt foar it koälysje-akkoart.



## 6

## Foar in modern provinsjaal bestjoer

### Ús ynset

As de Friezen kontakt mei ús hawwe wolle, dan kin dat fia in loket. Wy reägearre folle flugger en fleksibeler op harren inisjativen en fragen.

As Fryske boargers of bedriuwen in taak dy't wy as provinsje no útfiere better en/of goedkeaper útfiere tinke te kinnen, krije sy fan ús dy kâns.

Ynwenners krije mear tagong ta ús gegevens en de kâns dêr sels mei oan de slach te gean of sels jild oan te fertsjinjen.

De Friezen dy't fan ús subsidzje krije of (fan wa't bedriuwen of organisaasjes) ûnder ús tafersjoch steane, ha minder lêst fan burokratyske kontrôles.

### Ambysje

De wrâld om ús hinne feroaret fluch. Gemeenten wurde grutter en krije mear taken, de maatskippij digitalisearret en makket mear faasje. De Fryske mienskippen regelje hieltyd mear saken sels, saken dy't earder foar de oerheid ornearre wiene. Oerheden hawwe ek minder út te jaan. Wy passe ús bestjoersstyl oan dy feroarjende wrâld oan. Út needsaak, mar ek út oertsjûging.

### De wrâld yn

Wy geane Fryslân yn en sille goed yn ús opnimme wat der sein wurdt, ek al is eigen belied of útfiering dêr net fuortendaliks de oanlieding foar. Wy sjogge nei wat op oare plakken spilet en dogge dêr ús foardiel mei, biede help oan as wy tinke dy biede te kinnen. Mar wy sille ek folle mear oer de provinsjale en nasjonale grinzen hinne sjen. Wy tsjogge de

wrâld yn en helje de wrâld nei ús ta, sawol minsken as ideeën. Wy helpe om ús produkten rûnom yn 'e wrâld te krijen. Wy ûnderhâlde kontakten troch ús meartaligens, diele ûnder oare ús kennis fan wetter, suvel en lânbou en helje bedriuwen en fertsjintwurdigers fan lannen diskant op. Leeuwarden-Fryslân Kulturele Haadstêd 2018 is dêr fansels in unike oanlieding en kâns foar.

By in blik dy't mear nei bûten ta rjochte is heart ek in goede lobby. Wy sille ús oriïntearje op mooglikheden om ús lobby yn Brussel en De Haach fuort te sterkjen. Wy wolle ek mear oparbeidzje mei oare plattelânsprovinsjes yn Nederlân yn ús lobby by it Ryk en mear omtinken hawwe foar de plattelânsproblematyk yn it Interprovinciaal Overleg (IPO).

### Betrouwen en ferienfâldiging

Yn ús styl fan bestjoeren is it stribjen om de saken foar de wrâld om ús hinne transparanter en ienfâldiger te meitsjen. Om te begjinnen wolle wy ôf fan de gongbere en goed bedoelde refleks fan hokfoar oerheid ek om de oplossing foar elk probleem nei himsels ta lûke te wullen. Troch dy refleks hawwe wy, as oerheid, de wrâld soms tige yngewikkeld makke. Goede bedoelings hawwe laat ta wyldgroei fan belied, regelings, fûnsen, kritearia, feroarderings ensfh. Wy wolle dy ûntwikkeling trochbrekke: minder belied, minder regelings, minder fûnsen, minder kritearia en feroarderings.

Dat dogge wy troch te wurkjen op grûn fan betrouwen. By it tafersjoch op en de kontrôle fan subsidzjes is dat it útgongspunt. Regels en kontrôles dy't net fanneden binne geane wy út 'e wei. Oan 'e foarkant foegje wy saken gear en meitsje dy ienfâldiger. Útfiering stiet sintraal.

### Aksjes foar in modern provinsjaal bestjoer:

#### 34. ■ Beheine regeldruk

Wêr't belied of regels ôfskaft wurde kinne, dogge wy dat. As soks noch wol fanneden is, formulearje wy it belied of de regels sa koart en puntich mooglik. Dat sille wy de earste kear sjen litte yn ús earstkommende Omkritefisy.

**Resultaat 34: in stik minder belied en regels.**

#### 35. ■ Fan ûnderen op

Wy leauwe yn de eigen krêft fan minsken en sosjale ferbannen. Soms is de oerheid hielendal net nedich. As de mienskip der sels útkomt dogge wy neat. Sterker, wy jouwe (ferbannen fan) boargers ek it rjocht om provinsjale taken oer te nimmen as hja tinke it better en/of goedkeaper te kinnen, it saneamde Rjocht op útdaging (Right to Challenge).

Wy jouwe de bûtenwrâld ek mear ynsjoch yn wat wy dogge troch, wêr't dat yn nije prosessen past, fuortendaliks de mooglikheid fan 'iepen data' mei te nimmen. Sadwaande binne wy transparanter foar de mienskip. It biedt ek kânsen foar oaren om dy data te brûken yn nije produkten (apps).

**Resultaat 35: (ferbannen fan) boargers hawwe it Right to Challenge.**



### 36. ■ Bestjoerskrêft gemeenten

Op it stik fan de gemeentlike bestjoerskrêft litte wy it inisjatyf ek oan de Fryske gemeenten sels, dêr wêr't it heart te lizzen. Op in tal plakken yn ús provinsje sjogge wy konkrete inisjativen om dy bestjoerskrêft fuort te sterkjen. Wy skewiele inisjativen dy't bydrage oan it ta stân bringen fan in lokaal bestjoer dat de takomst treast is.

As organisaasjes, boargers of gemeenten ús wol nedich hawwe, dan hat it skewielen fan inisjativen fan harrensels foar ús de pree. Wy dogge in sa grut mooglik berop op de krêft fan de Fryske mienskippen. Wy ferbine partijen mei-inoar. As in ekstra ympuls fanneden is, dan fiterje wy de saken oan, net om de boel oer te nimmen, mar om dy fuort te sterkjen.

**Resultaat 36: weryndieling fan gemeenten bart allinne op inisjatyf fan gemeenten.**

### 37. ■ Yn oparbeidzjen mei oaren

Ús earste fraach foardat wy yn aksje komme is: binne wy hjir fanneden, hawwe wy wat by te dragen? As it antwurd, net allinne fan ússels mar ek fan oare partijen, 'ja' is giet it derom hoe't wy bydrage. Dat dogge wy nei de aard yn oparbeidzjen mei. Oparbeidzje mei it Fryske bedriuwslibben om ekonomyske ûntwikkeling ta stân te bringen, oparbeidzje mei gemeenten as de earste oerheid, mei boargers foar harren en foar ús inisjativen. De kommende tiid sykje wy mei klam de gearwurking yn Fryslân op. Dêr foaral sykje wy mooglikheden foar eventuele mienskiplike útfieringsorganisaasjes.

Wy geane fierder mei de gearwurking mei ús partners dy't wat fierder of sels in stik fierder fan ús ôf sitte. Wy begjinne yn Nederlân, mei Grinslân en Drinte, yn it SNN en de mienskiplike lobby yn De Haach en Brussel. Wy wolle de mooglikheden ûndersykje om as SNN mear mei Nedersaksen te wurk te gean nei Brussel ta. Wy achtsje in finansjeel selsstannich en foar de eigen finansjes ferantwurdlik SNN tige wichtich. Mei Noard-Hollân arbeidzje wy ûnder oare op yn it projekt Ôfslútdyk en yn it Waadfûns. Op ynternasjonaal nivo geane wy fierder mei ús gearwurking mei ús susterprovinsje Sichuan yn Sina en de oare Fryslânnen. Wy sykje mear bûtenlânske partners yn de EU, fia EFRO, Ynterreg, it Komitee fan de Regio's en oare gearwurkingsferbannen. Wol jildt foar de gearwurking ek: ienfâldich as it heal kin. Wy geane nei oft bestean-de gearwurkingsfoarmen net kombinearre, minimaal ôfstimd of sels ôfskaft wurde kinne

**Resultaat 37: wy arbeidzje yntinsyf op mei gemeenten, provinsjes en oare oerheden.**

### 38. ■ Oars mei de Steaten omgean

We wolle dat Deputearre Steaten mear kontakt hat mei it wichtichste provinsjale orgaan, de Provinsjale Steaten, sûnder ôfbrek te dwaan oan ús eigen ferantwurdlikheden en rol en oan dy fan harren. Op nasjonaal nivo binne (fanneed) nije foarmen fan gearwurking te sjen dy't oer de klassike tsjinstelling tusken koälysje en opposysje hinne rikke. Dy soene wy ek wolkom hjitte wolle, net út needsaak, mar út oertsjûging.

Net om opposysjepartijen yn te kapseljen, mar om't wy leauwe dat it ferskil tusken goede en minne ideeën en bydragen net bepaalt wurdt troch de fraach oft in partij yn de opposysje of yn de koälysje sit. Om dy reden nûgje wy de partijen út om harren goede ideeën, ek de kommende jierren, mei ús te bepraten, lykas wy ek al fan elke partij dy't in punt meijûn hat in bydrage yn dit akkoart ferwurke hawwe. In tal suggestjes dy't wy graach mei de Steaten beprate wolle soene, binne:

- ôfspraken meitsje oer it beskikber stellen fan amtlike kapasiteit foar it toetsen fan tsjinútstellen
- in periodyk ynformeel oerlis tusken elke deputearre en ien of mear opposysjefraksjes
- in mienskiplike gearkomste oer wat mear inisjatyf fan bûten ôf / fan ûnderen op betsjutte kinne soe foar de rollen fan de Steaten en fan DS

It seit himsels dat wy ek iepensteane foar útstellen út de Steaten wei om konstruktief en produktief mei-inoar om te gean.

**Resultaat 38: de koälysje en opposysje wurkje konstruktief gear.**

### 39. ■ Ús organisaasje

De kommende jierren feroarje wy de organisaasje om better by de maatskippij en by ús nije bestjoersstyl oan te sluten. Wy sille fleksibeler, mear nei bûten ta wurkje en de wurkwize op de opjefte ôfstimme. Fan de talinten yn de provinsjale organisaasje sille wy mear gebrûk meitsje. Dat liedt ek ta it weromkringen fan de ynhier. Hiel wichtich yn ús nije wurkwize is de fleksibiliteit fan ús organisaasje maksimaal te meitsjen. As dat slagget binne der gjin twongen ûntslagen fanneden, tinkt ús. Wy hâlde goed yn 'e gaten dat 'de ferbouwing' fan de organisaasje ús ambysjes gjin skea docht. Wy fersterkje ús gearwurking en útwikseling fan persoanlik mei oerheden en oare organisaasjes yn Fryslân. Der is winst te beheljen yn saken as it mienskiplik ICT-behear, it sâltstruien, it mienskiplik regeljen fan it ûnderhâld oan diken en al sa mear. Wy besjogge wêr't (âld-) provinsjale wurknimmers bydrage kinne oan it oanwaaksende takepakket fan gemeenten.

**Resultaat 39: de ynhier is op syn minst de helte minder.**

### 40. ■ Slachfeardigens

De omfang fan de organisaasje beweecht de kommende jierren mei ús lytser wurden-de budzjet mei. As in goede wurkjouwer litte wy de organisaasje meikrimpe. Mei in lytsere organisaasje is it needsaaklik dat wy skerper kieze. Dat sille wy dwaan, sawol yn dit akkoart as de jierren hjirnei. Yn dit akkoart wurdt in pear kear wat oer loketten skreaun, foar it mkb, foar it Frysk en foar minsken dy't op 'e siik binne nei in regeling of in fûns. Dy loketten bringe wy byinoar ûnder ien heldere yngong, ien tagongslotet dat maklik te finen en te berikken is.

**Resultaat 40: der is ien tagongslotet foar de provinsje.**



## Wat sille wy útjaan?

As koälysje binne wy ambisjeus en wolle in protte berikke, mar wol sa dat it finansjeel ferantwurde is. Om dy reden hâlde wy op it stik fan finânsjes de neikommende útgongspunten oan:

1. De mearjierrebegrutting is struktureel slutend.
2. Om yn heakje te kinnen op nije ûntwikkelings hâlde wy € 20 miljoen frije romte foar dizze perioade, en struktureel op syn minst € 5 miljoen foar it kolleezje nei ús.
3. Strukturele útjeften wurde út strukturele middels dutsen.
4. By it ynsetten fan revolvearjende middels binne de miste rendeminten dutsen.
5. Jild wurdt allinne bestege as wy alle inisjele kosten en (eventuele) strukturele finansjele gefolgen fan in aktiviteit betelje kinne.
6. Elts útstel oan Provinsjale Steaten mei finansjele konsekwinsjes krijt in finansjeel solyd dekkingsútstel mei.
7. Wy stelle betingsten oan it meifinansierjen fan projekten fan oaren; sa kinne wy de resultaten goed folgje.
8. As wy strukturele of tydlike finansjele ôfspraken ha mei oaren, binne dy foar ús hurd. Tsjinfallers of ekstra middels dy't fanneden binne, komme foar rekken fan de partij dy't dit it bêste yn it foarút sjen koe, en dat is oer it algemien de partij dêr't wy de ôfspraken mei makke ha.

### Ús ambysjes fertaald yn finansjele mooglikheden

De ambysjes dy't yn de haadstikken hjirfoar neamd binne kostje jild. Dat jild komt benammen út de frij te besteegjen parten fan de algemiene reserve en de Nuon-reserve, út it strukturele saldo fan programma 11 en út it effektiver meitsjen fan besteande budzjetten, lykas Wurkje foar Fryslân.

Alle ambysjes binne trochrekkene en finansjeel solide ûnderboud. Dit wurkje we de onakommende tiid út yn 'e útfieringsaginda en dit komt werom yn de begrutting 2016. Yn 2017 komt der in tuskenbalâns.

Wy bestede jild op trije manieren: it grutste diel fan de middels dy't wy de kommende jierren ta ús beskikking ha is jild foar ien kear; út ús NUON-reserve, algemiene reserve of Wurkje foar Fryslân. Dat jild jouwe wy dan ek tydlik út. In pear útjeften binne bliuwend, oftewol struktureel. Dy dekke wy dan ek út strukturele middels. In part fan it jild dat we útjaan komt werom.

Totale útjeften kommende jierren, yn miljoenen euro's

Ambysje	Tydlike útstellen	Struktureel (trochrinnend): totaalbedrach 2015-2019	Weromkommend (revolverend)
Krêftige mienskippen	101		
Ekonomy dy takomst treast is	44	2	26
Fanselsprekkende duorsumens	23	11	127
Libjend Frysk eigene	26		
Dynamysk fermidden yn moaiste provinsje	115	24	
Modern bestjoer	12		
<b>Totaal</b>	<b>321</b>	<b>37</b>	<b>153</b>



